



Jierferslach 2019

Algemien

Yn 2019 hat de Ried fan de Fryske Beweging wer in protte by de ein hân. Hjirûnder in kar út it bûnte ferskaat fan saken dêr't de Ried oer te set west hat.

Bestjoersgearstalling

It bestjoer bestiet út: Pier Bergsma (foarsitter), Folkje Koster (skriuwer), Arjen Dijkstra (ponghâlder), Jehannes Elzinga, Nanne Hoekstra, Hans Kort en Aant Mulder.

Adviseurs fan it bestjoer binne: Geeske Krol-Benedictus en Frank de Boer (fan 1 april ôf).

Adviseur fan de POK is: Geart Benedictus.

Administratyf meiwurker is: Baukje Westra-Keulen.

Polityk

Bestjoerlik oerlis POK mei Provinsje (deputearre Poepjes)

De Politike Kommissje (POK) is breed gearstald troch alle politike partijen hinne en jout frege en net-frege advizen. De POK hat benammen dwaande west mei de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) en de skaad-BFTK. Boppedat hat de POK derfoar soarge dat de Ried yn Den Haag telâne koe yn in foaroerlis fan de Fêste Keamerkommisje en by it oerlis mei de minister.

Skaad-BFTK

Yn har brief fan 31 jannewaris 2019 jout minister Ollongren in wiidweidige reaksje op de skaad-BFTK fan de Ried. De reaksje bliuwt frij algemien en guon saken binne yn har antwurd gewoan weilitten. Ut de kontakten mei keamerleden kaam de fraach om neiere ynformaasje. Op 7 febrewaris 2019 hat de Ried dêrom in brief stjoerd oan de leden fan de Fêste Keamerkommisje en yn ôfskrift oan de steateleden fan de Provinsjale Steaten fan Fryslân. Yn dat brief reagearret de Ried op it skriuwen fan de minister. De Ried stelt yn it brief dat sichtberens fan grut belang is en dat it Ryk dêr sels in belangrike rol yn spylje kin as it giet om gebouwen en materiaal fan de ryksoerheid, rykstsjusten en bestjoersorganen.

Wat it ûnderwiis oanbelanget wurdt opnij de lykweardigens fan de beide talen oan 'e oarder steld. Nei hast 40 jier ferplicht ûnderwiis yn it Frysk is altyd noch mear as trijekwart fan de Friezen net by steat om de eigen taal te skriuwen. It kin net sa wêze dat skoallen sels oer it ûnderwiis yn dat ferplichte fak beslute. Dat doocht prinsipiëel net. Dat it Frysk gjin diel útmakket fan de Eintoets Basisûnderwiis likemin. Dêr docht dúdlik bliken út dat de ynspeksje beide talen net gelyk behannelet.

Wylst earder tasein waard dat ôfspraken oangeande de rjochtspraak makke wurde koene, wurdt no steld dat soks net kin. Dat freget om in neiere útlis. Dan soe ek oan 'e oarder komme kinne wêrom't noch hieltyd net, dat wat yn it Frysk sein wurdt, ek yn it Frysk opskreaun wurdt. Oan de ein fan it brief stelt de Ried dat it in goed ding wêze soe dat der in ôfdieling Fryske Saken komt. Dat soe de soarchplicht fan it Ryk te'n goede komme.

Demonstraasje yn Den Haag



Op woansdei 26 juny hawwe de BoargerAksjegroep 'Sis Tsiis', ferskate bestjoersleden fan de Ried en sympatisanten it petear tusken de Fêste Keamerkommissje Ynlânske Saken mei minister Ollongren bywenne. Dat wie nei oanlieding fan de BFTK en de skaad-BFTK. Om't de minister nei oanlieding fan guon fragen allinne mar goed antwurd jaan koe nei goed oerlis mei oare kollega's, waard ôfpraat dat de antwurden oan de ein fan dit jier yn in brief bekend makke wurde soene. Dat brief kaam 16 desimber binnen.

Foarôfgeand oan it petear mei de minister hat "Sis Tsiis" yn de hal fan de Twadde Keamer in petyasje oanbean yn de foarm fan in ûntwerp foar in Frysk plysje-unifoarm. Dat yn it ramt fan de troch de Ried fan de Fryske Beweging frege sichtberens fan it Frysk

De reis nei Den Haag begûn al betiid. De oankomst yn Den Haag wie om in oere of njoggen. Oan publyk, parse en Twadde Keamerleden binne doe op ludike wize de noeden en easken kenber makke.



Reaksje op útstellen nij nasjonaal learplan

Troch skoallieders en leararen is al langer wurke oan foarstellen om de ynhâld fan it skoalprogramma te fernijen. Omdat it foech foar it fak Frysk sûnt 2014 by de provinsje Fryslân leit, is yn juny 2018 in parallel projekt úteinset, dat www.kurrikulum.frl hjit. It idee wie dat der sa ôfstimd wurde koe tusken de Fryske en de Nederlânske foarstellen. It Fryske projekt lei lykwols al sûnt april 2019 stil omdat it troch de Provinsje toetst waard oan Europeeske en nasjonale wet- en regeljouwing. De Ried hie need dat troch dy fertraging de ôfstimming tusken it Frysk en it Nederlânsk der net komme soe en hat dêrom begjin augustus reagearre op de foarriedige útstellen foar in nij nasjonaal learplan. Fierder hat de Ried yn syn reaksje dúdlik makke dat binnen Fryslân rekken holden wurde moat mei in meartalige situaasje dêr't de twa mienskipstalen in lykweardich plak yn fertsjinje op skoalle en dêr't it Frysk ek de ynstruksjetaal by oare fakken yn wêze kin, njonken it Nederlânsk. Dy situaasje ferskilt gâns fan dy dêr't de opstellers fan de nasjonale foarstellen foar it leargebiet Nederlânsk fan útgien wiene. Op 10 oktober binne de foarstellen oanbean oan de minister fan basis- en fuortset ûnderwiis.


Wat ús bynt

Op 6 maart 2018 waard de earste gearkomste fan WUB (Wat ús bynt) holden mei sa'n 30 organisaasjes. Dêrnei is it spitigernôch stil wurden. Miskien in teken dat men dochs net om sa'n netwurkorganisaasje sit te springen.

Ynterne saken

Gearkomste Grutte Ried op 20 maaie

De Ried fan de Fryske Beweging hold op 20 maaie yn Marsum syn Grutte Ried. De Poptaseal yn MFS Nij Franjum siet grôtfol. De Grutte Ried is te sjen as de ledegearkomste. Alle oansletten organisaasjes en stipers wiene dêr wolkom. De Ried wol mear kontakt mei de efterban en hat dêrom de opset fan de Grutte Ried feroare. Neist it oerke formaliteiten is mear tiid ynromme foar it neiprogramma.



Yn dit gefal wie dat wol hiel bysûnder: it selskip Breinroer brocht foar de alderlêste kear syn stik De Grins/De Grens oer it fuotljocht. Yn in ynteraktive foarstelling waard it publyk in spiegel foarholden oer (it striden foar) de Fryske taal. Mei bewegers as publyk wie dat fansels in moai fermidden om de lêste foarstelling yn te spyljen.

Geart Benedictus naam offisjeel ôfskied dizze jûn mei in tankwurd fan ynterim-foarsitter Pier Bergsma. Benedictus kaam sels ek noch oan it wurd. Hy ferhelle oer in moaie tiid by de Ried, dêr't er him by ôffrege oft er sels wol in echte beweger wie. Hy sei him bytiden better thús te fielen yn it politike fermidden fan bygelyks de Earste Keamer. Benedictus bliuwt noch wol ferbûn oan de Ried, as adviseur fan de POK.



Bestjoerswikselingen

Yn desimber is ôfskied nommen fan bestjoerslid Hans Kort. Hans wie sûnt 2015 by de Ried belutsen. Hy hold him benammen dwaande mei de Fryske Reklamepriis, de webside en oare ICT-oangelegenheden. Hans sei ta om de Fryske Reklamepriis foar 2020 noch te organisearjen.



Frank de Boer, betûft op it mêd fan juridyske saken, benammen op it gebiet fan minderheidstalen, is oanlutsen as adviseur foar it bestjoer. Foar de kreative kant is Nina Peckelsen oanlutsen. Sy hat har ûnder oaren dwaande hâlden mei de redaksje fan de jongereinside fan De Nije en wie ek kommunikaasjemeiwurker fan de Ried.

Op syk nei nije foarsitter

Lykas in soad ferieningen is it foar de Ried fan de Fryske Beweging in wrakseling om nije bestjoersleden te finen. De Ried is al twa jier dwaande om in man of frou te krijen dy't it foarsitterskip oernimme wol. Dat is oant no ta net slagge. Pier Bergsma hat it foarsitterskip tydlik oernommen, mar it soe moai wêze dat der ynkoarten in opfolger komt.

Gearwurking mei It Fryske Gea

Ein 2016 is de gearwurking tusken It Fryske Gea (IFG) en de Ried úteinset om it brûken fan de Fryske taal yn de uteringen fan IFG (sa as it webstee, parseberjochten, oersettingen) te befoarderjen. Mei dy noflike gearwurking en sponsoring wurdt trochgien.

PR en publisiteit en De Nije

Plombrieven

Der binne plombrieven ferstjoerd nei de hear Sjirk Bruinsma dy't in nije lesmetoade foar it Frysk yn it fuortset ûnderwiis ûntwikkele hat. Ek gie der in plombrief nei de ANWB foar it simmernûmer fan it eigen tydskrift 'Kampioen'. Op it omslach dêrfan waard de Fryske taal brûkt.



Fryske Reklamepriis

It doel fan de Fryske Reklamepriis is it stimulearjen fan it brûken fan de Fryske taal yn reklame-uterungen. De Fryske Reklamepriis is in inisjatyf fan de Ried fan de Fryske Beweging en wurdt sûnt 1995 organisearre.

Tongersdei 17 jannewaris is de 17^e Fryske radio-Reklamepriis (FRP) útrikt oan de GGD (Gemeentelijke Gezondheidsdienst) Fryslân.



Mei noch twa oare nominearren, te witten: Christeljke Bibliotheek voor Blinden en Slechtienden mei 'Passend Lezen' en erotykwinkel Euphoria fan It Hearrenfean mei it spotsje 'Nije dingen ûntdekke yn de sliepkeamer' krige de radiokampanjespot 'Stel de fraach fan dyn libben' fan 113 Selsmoard Previnsje 57% fan alle publyksstimmen.

Manager Frans Haenen fan it projektteam Supranet Fryslân krige út hannen fan Geart Benedictus it ferneamde Grutte Pier-byldsje, de oarkonde en in sjek mei in wearde fan 250 euro.


Oanslutend binne 'skeppers en skriuwers' fan it winnende spotsje: ynsprekker en produsint Syb van der Ploeg, Geertje Spijkerman, Nico Outhuyse en Roely Boer yn it sintsje set.

Oant begjin july koe der stimd wurde foar de Fryske Telefyzjereklame Publykspriis. Winner waard "Grutsk op ús greidefûgels". Mei noch twa oare nominearre kandidaten te witten: Aquacell mei 'Wy hâlde fan netsjes' en Joop Zandberg Fytseasaak út Grou, krige de radiokampanjespot 'Grutsk op ús Greidefûgels' trijekwart fan alle publyksstimmen. Peet Sterkenburgh fan LTO-Noord, ôfdieling Fryslân krige út hannen fan Pier Bergsma it ferneamde Grutte Pier-byldsje, de oarkonde en in sjek mei in wearde fan €750,-. Oanslutend krige Wilfried Bijma fan Merlin Produkties, de produsint fan it spotsje, it byldsje ek en de oarkonde.

De FRP-kommisje makke de ferwizing nei in útspraak fan Nelson Mandela (1918-2013); *'As jo mei in minske prate yn in taal dy't hy ferstiet, giet it yn syn holle. As jo mei himsels prate yn syn eigen taal, giet it yn it hert!'*

It Nijs

Yn jannewaris hat de Ried in enkête holden ûnder de lêzers fan It Nijs om te witten te kommen oft sy ek ideeën hiene om it webstee noch nijsgjirriger te meitsjen. De útkomst wie dat de lêzers fan It Nijs benammen belangstelling ha foar nijs en kollums oer Fryslân, oer Friezen en de Fryske taal. De wichtichste reden om it webstee te besjen is dat de bydragen yn it Frysk skreaun binne. Nei de belangstelling foar Frysktalige stikken en stikken mei regionale ynhâld komt as tredde reden om op it webstee te sjen, mei in grutte efterstân, de groep minsken dy't benijd is nei nijs dat net yn oare media stiet. Goed 40 persint fan 'e lêzers komt (mei) om dy reden nei it webstee. Fierder is likernôch in fearn fan 'e lêzers benijd nei de reaksjes dy't oare lêzers skriuwe.



Tiisdei 13 augustus bestie It Nijs presys tsjien jier. Op 13 augustus 2009 pleatste Meindert Tjerkstra it alderearste nijsartikel. It Nijs is begûn mei as doel om as earste nijsmedium nijs út de hiele wrâld te bringen yn de Fryske taal. It is net sa dat dat nijs min lêzen wurdt mar it liket in byfangst te wêzen. It webstee lûkt dochs benammen Frysksinige lêzers.

Jabik van der Bij, de betinker fan It Nijs, wie te gast by Omrop Fryslân. Foar de radio fertelde er oer it ûntstean en de skiednis fan it iennichste ynternasjonale Frysktalige nijswebstee.

Twadde nûmer fan De Nije

Ferline jier is De Nije as proef mei in 0-nûmer úteinset. De reaksjes wiene sadanich posityf, dat besletten waard om mei in hiele jiergong te kommen. Oanrinswierrichheden makken dat it tydskrift yn 2019 ien kear ferskynde. Foar 2020 wurde dat gewoan 4 nûmers.

Alle kearen wurdt in tema sintraal steld en der binne fêste rubriken lykas: 'foar de nijsten' (de bern), 'nije Friezen', de strip 'Ringeldingen', in puzel en net te ferjitten in wedstriid.



Yn oktober ferskynde it twadde nûmer (jiergong 1, nû. 1) mei as tema "lânskip & ekonomy". In nijsgjirrich nûmer mei as gastredakteur Cor de Boer. Yn it nûmer is der ûnder oaren omtinken foar: muontsewurk yn Mildaam (ekokatedraal), de arsjitekt Nynke Rixt Jukema (dy't net altyd ferlet fan bouwen hat) en Theunis Piersma, ûnder oaren oer hoe't greiden eartiids fol wiene fan blommen, ynsekten en fûgels. Fierders: de skriuwer Anders M. Rozendal en de dichter Remco Kuiper. En mear!

Yn it nûmer is in fotowedstriid opnommen mei as ûnderwerp lânskip en ekonomy. Alle foto's binne yn De Nije en op It Nijs publisearre.

Oersetwedstriid De Nije


Yn it nulnûmer fan De Nije wie in oersetwedstriid opnommen fan it liet "*In the big rock candy mountains*". Oersettingen yn it Frysk, Nederlânsk, Stedsfrysk, Biltsk of Stellingwarfs moasten foar 1 maart 2019 ynstjoerd wurde. Der hawwe fyftjin minsken oan de wedstriid dielnommen. Sneintemiddei 17 maart waard yn de brassery fan Stania State by Oentsjerk yn in feestlike gearkomste de útslach bekend makke. De winner is wurden Jurjen van der Meer fan De Jouwer mei syn oersetting 'Yn 'e Dûnzen Dekbêd Polder'.



De sjuery, dy't bestie út Truus de Vries, Eric Hoekstra en André Looijenga, hie dêrneist wurdearring foar de oersettingen fan Liuwe Westra út Lollum, Swaan Postma út Eastermar en Durk Dijkstra út Berltsum. De gearkomste waard opfleure troch Chris Kalsbeek mei syn muzikanten fan Friersk. In pear dielnimmers oan de wedstriid makken gebrûk fan de gelegenheid om harren eigen fers te sjongen.

Bûsboekje

It earste Bûsboekje 2020 is moandei 26 augustus oerlance oan de gastlik heit fan it Bûsboekje: Durk van der Schaaf fan Bitgummole. Van der Schaaf betocht it bûsboekje doe't er ophold by de aksjekommisje fan it Kristlik Frysk Selskip.



“At jo in bûsboekje hawwe yn it Frysk, lêze jo alle dagen wat Frysk”, wie it idee fan Van der Schaaf. Dat idee pakte goed út: it Frysktalige bûsboekje belibbet syn fiifenfjirtichste útjefte. Sûnt 1975 hawwe frijwilligers alle jierren derfoar soarge dat Friezen en net-Friezen yn it Frysk harren ôfspraken en kontakten fêstlizze kinne.

Yn it begjin wie it Kristlik Frysk Selskip (KFS) de útjouwer, tsjintwurdich is dat de Ried fan de Fryske Beweging. It bûsboekje bedript him finansjeel noch hielendal sels. De Bûsboekjeredaksje bestiet út Adalgaard Willemsma, Minke Dooper, Sieta de Vries, Piter Andringa, Arjen Dijkstra en Klaas Johan Osinga.

Kongressen en lêzingen

Fedde Schurerlêzing op 9 novimber 2019



Sa'n 250 oanwêzigen wiene der by de Fedde Schurerlêzing op 9 novimber yn It Oranjehotel. Dat hie grif te krijen mei it aktuele tema: de drege relaasje tusken it Fryske lânskip en de lânbou. Theunis Piersma, heechlearaar trekfûgelekology oan de universiteit Grins en Pieter van der Valk, feehâlder yn Ferwâlde, joegen harren fyzje op it tema.

Nei de beide lêzingen wie der romte foar fragen en diskusje. De middei is ôfsletten mei in hapke en in drankje.

Ryp en grien

Utrikking Gysbert Japicxpriis

Sneontemiddei 16 novimber 2019 krige Aggie van der Meer de Gysbert Japicxpriis foar har hiele oeuvre. Dat barde yn de Boalserter Martinytsjerke. By de huldiging spruts Pier Bergsma in lofrede út.



Petear Rjochtbank Noord-Nederland

Elkenien kin tsjintwurdich Frysk prate by de rjochtbank Noord-Nederland. In soad rjochters hawwe gjin muoite om de taal te ferstean. Dat leit oars by de offisieren fan justysje. Opfallend is dat de rjochtbank yn Ljouwert neat dien hat om op har webside, by de yngong of yn de hal it Frysk te brûken. De Ried hat dêroer in petear hân mei de rjochtbankpresidint frou Maria van de Schepop en der is in brief nei de rjochtbank ferstjoerd, yn ôfskrift oan Dingtiid en it provinsjaal bestjoer.